



Jiergearkomste doarpsbelang "de Eendracht" fan 15 april 2009.

Efkes in koart ferslach:

Om goed acht oere ropt foarsitter Rinske elk wolkom ta, der binne wol ris mear minsken (42) op ús gearkomste ôfkommen, mar it is moai waar, fuotbal op de tillevyzje en fêst noch in soad oare saken. Ek de polityk wie ferstjintwurdige (de heren Pen, Siegersma, van der Schaaf, Johan Harms en Tjeerd Cuperus) en foar dizze minsken in spesjaal wurd fan wolkom.

Yn har iepeningswurd hellet Rinske it bloeiend ferieningslibben oan, de fjouwer ferienings dy't jubilearje en mei-inoar in grut feest oanbiede oan de ynwenners, it SportRevueSpektakel. In protte wurk foar de frijwilligers wat mei in soad nocht dien wurdt.

Op 'e tafels ha we in brief lein mei it skema fan de nasjonale aksjes, wethâlder Verdoner wol graach fan ús witte as we ek oan ien as mear fan dizze aksjes meidwaan wolle. Der komt net folle lûd út de seal. It bestjoer tinkt dat it miskien wol aardich wêze soe om mei te dwaan oan de Nacht fan de nacht. Yn it tsjuster in moaie kuier of sokssawat. Ek hat it bestjoer al ris yn him om gean litten om in Sint Jansdei te organisearjen mar it hoe as wat dêr moatte we earst noch oer neitinke. Eins hoopje we der op dat der minsken binne dy't meitinke wolle.

Elk kin yn it boekje, dat tagelyk mei de útnoeging bij de leden troch de bus komt, lêze wat der allegearre bard is yn it ôfrûne jier.

De jierferslaggen, de siferkes, alles stiet yn dit boekje en troch it earste diel fan de gearkomste fleane we sawat hinne.

Dan punt 8 de bestjoersferkiezing, Jaring en Abe hawwe der allebeide 1 perioade op sitten. Jaring giet troch, mar Abe hat it te drok mei wurk en gesin en stoppet. Myriam dy't ferline jier it plak fan Marijke oernaam, hat it ek drok en as kreamkundige is har tiid net altyd like goed te regeljen. Spitich, mar sa is it no ienkear. De trije minsken krije in moai bosk blommen en applaus. Der binne net kandidaten dy't har opjûn ha

en it bestjoer hat ek gjin minsken ree fûn om in sit te nimmen yn it bestjoer. We sille it earst mei sân man dwaan, mar foarsitter Rinske hat mandaat fan de gearkomste krige om in nij bestjoerslid te beneamen as dit him foardocht. Mocht dit barre, dan hearre jo fan ús.

Dejinge dy't ek altyd in blomke kriget en in slûf mei jild is de koster Johan Mellema. Dit foar it lieden fan de klok bij blide en drôve eagenblikken.

Dan is it skoft mei kofje/tee en fulkoek.

Nei it skoft wie it de leste jierren wenst om nije plannen te presintearjen mar de beslútfoarming oangeande de Haak sjit net bot op en ha we dy moaie plannen mar efkes yn de kuolkast setten. Mar om elk om in jier as njoggen wer nei hûs gean te litten gie ús ek te fier, dêrom in kwis organisearre. We wiene benijd wat ús leden allegearre wisten oer Deinum. De minsken waarden ferdield oer in oantal groepen en der waard hjir en dêr flink prakkesearre.

Ik hie tasein de útslach yn dizze Klaver Trije bekind te meitsjen en dat doch ik ek, mar net elke groep hie it nummer boppe it papier setten en ik miende de groep yn fiven ferdield te hawwen, mar der binne 6 papieren ynlevere.

Groep 5 hat de measte punten helle >>56 punten.

Groep 4 op it twadde plak mei >>49 punten

Groep 1 hie >>44 punten, groep 3 >>40 punten, groep 2 >>38 punten en dan wie der in papier sûnder nûmer mei >>37 punten.

Nei de kwis wie punt 11 (omfreegjen) oan bar, faak giet dit oer deselde saken lykas hûnestront, it minne ûnderhâld fan stoepen en it grien en de smoargens yn it doarp. We hiene tocht as elk no ris opskriuwet wat him/har dwerssit dan komme we der letter op werom. Dit fûn men net in goed idee, we ha it no wol dien en op in letter tiidstip hearre jo wat allegearre opskreaun is en wat it bestjoer fan doarpsbelang der oan dwaan kin.

Wat net sa lang wachtsje kin is it punt wat master Geert v/d Veen út namme fan beide skoallen ynbringet. De fernierij yn it Peaskewykein op skoalle en skoalplein. De jeugd hat der ferskriklik húshâlden.

Op side 6 fan dizze Klaver Trije stiet in stikje fan beide skoallen, der is 1 jonge dy't op skoalle en bij it bestjoer fan doarpsbelang west en sein

dat hij der spyt fan hat. Tagelyk hie hij in fraach: we wolle graach fuotbalje mar we meie net op de sportfjilden (oefenfjild is krekt ynsiedde). Us earste antwurd wie fuotbalje kin op it Keningsfjild, in goal fan jassen of sa en balje mar. Der binne noch wol goals dy't der hinne kinne mar dy moatte goed fêst stean om ûngemakken foar te kommen. We ha rie frege oan de gemeente en ek frege at se de drainaazje ris goed neisjen wolle. Oan de hûnebesitters fan Deinum freegje wy: lit jim hûn net út op it Keningsfjild. Dit wie it foar safier, de saken dy't skriftlik oan 'e oarder steld binne kinne jo yn in folgjende Klaver Trije leze.

foar doarpsbelang,
Jitsche